

KAPSALON shoarmadreamen op it plattelân, trije dôner en in kapsalon. de bisten op stal of achter stikeltrie en allegearre beare oer hoe moai at it wie. de heale moanne skynt op it ûbeoerd. se skelle him foar turk mar hy is in koerd. stront troch de brievebus, in stien troch it rût: fryslân, fryslân, alles oer en út.

MIENSUM de nacht en fuort dêrop de dei. in koar en elkenien sjongt mei: ynskje op 'e baan, wolst wat foar my dwaan? wiebe van der laan moat my even op it skouder slaan want ik bin miensum. wy binne miensum. rûntsjes draaie om it swarte gat. wy dogge it mei mekoar ferkeard. wy hawwe it mei mekoar ferleard. bûnzje op in doar, sykjend om mekoar, yn en út it spoar op in houtsje en in skurve noar.

TRUMP YN MAKKUM DE MUSICAL I finansjeel is it rûn, wy ha goud yn' e hannen. kensto wiebe de boer? dy sit yn it bestjoer en it wurdt in sukses, it leit ticht by de minsken. kensto wiebe van dyk? dy docht de muzyk.

FROSKETROLLEN de trollen fan 'e froskepôle binne frosketrollen. se hawwe lytse wûnen dy't in bytsje bliede. de trollen fan 'e froskepolle ha ferskate hollen. dat hat fânsels te krijen mei it libben dat se liede. en se binne der wol en se binne der net. (moarn mar wer ris sjen) se hienen ek in camping: "it soadsje". (by it wetter) dêr hiene wy noch wolris yn in caravan sitte wollen mar "it soadsje" is no sletten en miskien is dat wol better. no kinne jimme har fan oare trollen ûnderskiede.

LYTSE GEAST (MEI HYNDERS) hy wie in lytse geast, in skim ûnder de skimmen, in lytse geast, beskieden yn 'e dea, skrúten, dimmen- en hy die nimmen kwea. de geast hie trije hynders, dy stoaren mei him mei. dy spoekje hjir noch om en nokkerje noch wat nei: hoe lang noch oant en mei de Lêste Dei? dan sprekt de lytse geast ta syn tryste hynders in wurd fan treast: dit lijden is Gods wil. net nokkerje, myn berntsjes, wês stil. ik fiel in djip begrutsjen mei de lytse geast mar dy tryste hynders begrutsje my noch it meast.

IT FRIJE WURD STJONKT ÚT 'E BEK by beppe bargedrek oer de hage, oer it stek, stjonkt it frije wurd har út 'e bek. (en út dy fan my dus ek) by otto rimpelsek oer de hage, oer it stek, stjonkt it frije wurd him út 'e bek. (en út dy fan my dus ek) ja wy kin noch folle hurder, hurder noch as hurd, dat it frije wurd noch hurder wurd en stjonkt as in murd. it stjonkt hjir as in gek. (en út dy fan my dus ek)

GEORGINIO WIJNALDUM de earste dy hie de hutte yn winaam, de grutte hutte yn winaam. hy wie de kening fan winaam. o hutsjetutsjekutsjefolk, hutsjetutsjekutsjepopublyk. toe no jû, georginio, it is fan dy, it is dyn ryk.

PODDESTUOLLEDING wy ha in ding op 'e souder mei in poddestuolleding deryn. gahnabinn, gahnabuutn. moast it ding net falle litte, dan komt it poddestuolleding derút. gahnabuutn, gahnabinn. moast der om tinke: it is in poddestuolleding. der sit in boer yn marsum yn'e bleek. hy wol net langer yn 'e jarrekelder sitte. hy wol it poddestuolleding no wolris sjen (moat hy witte)

TRUMP YN MAKKUM DE MUSICAL II hiel wat fryske skriuwers wiene foar de dûtsers

MIEKE HET UN DROAN KOCHT dy stiet no op it oanrjocht. as se op har tillefoan sjocht en dan wat mei har tillefoan docht dan sjocht se wat de droan docht. dan sjocht se wêr't de droan fljocht. hy stiet no noch op it oanrjocht. mieke brekt in oarloch út. mieke het problemen, se is hiel ûntefreden. se fielt har ûnbegrepen. se hie in goeie reden.

BOEREN JAN 21 de kloof tusken de boer en de boarger is te lyts. folle djipper dolle godverdomme, folle djipper. en dan allegearre op 'e trekker der by del. in kroade blauwe modder oer de boarger en de boer. BOEREN!

BEUKERJUFFER

BRUTO NASJONAAL GELOK it bruto nasjonaal gelok fan skilder wytse pultrum wurdt troch de bûtanezen skat op 35 ngultrum. wat de ngultrum wurdich is dat wit wy net. sykje it sels mar op op ynternet. wytse pultrum wie fan doel in wike frij te nimmen om yn bûtan in stik as trije bergen te beklimmen, mar yn bûtan is dat ferbean; it mei dus net. dat hie er witte kind, it stiet op ynternet. wytse pultrum komt fan nijeskoat, dat leit tsjin 't hearrenfean oan. bûtanezen hawwe fan dy tsjeppe pearske klean oan. wytse pultrum moat foar skilderwurk nei eastersé ta. bûtanezen wolle yakbûter yn 'e tee ha. wytse pultrum wurdt fan sein dat hy in sekstoerist is. bûtanezen fine't normaal as immen in toerist is. ferbân tusken it ien en oar dat leit er net. lis dat sels mei help fan ynternet. mar skilder wytse pultrum hât gjin ynternet.

ALLE HAT ALLES al in kear sjoen, al in kear heard, al in kear dien, al ris besocht, al ris betocht. en wy ha ús nocht. in kop as in kont en in herte fan stien.

MOARD IS FERKEARD mar der binne der by dy moatte dea.

FOAR DE OARLOCH frits en getty wienen noch fan foar de oarloch. doe kaam de oarloch. aan dy wie en rosa is fan foar de oarloch, dat allebeide wienen se fan foar de oarloch. germ en alie binne noch fan foar de oarloch.

en ek wy, wy bin noch altyd fan foar de oarloch, nei al dy jierren altyd noch fan foar de oarloch. dan komt de oarloch.